



# **SA KIN 'T WOL TA PAKE!**

**(Opa, jetzt reichts!)**

**In klucht fan**

**BERND GOMBOLD**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**Nederlânske tekst fan**

**Ben ten Velde**

**Nederlânske titel**

**Opa in de kruikels**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**(Grimas Theatergrime verkoop)**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl**

**Website: www.toneeluitgeverijvink.nl**

## **VOORWAARDEN**

Alle amateurverenigingen die het stuk: **SA KIN 'T WOL TA PAKE! - OPA, JETZT REICHTS!** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **BERND GOMBOLD** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2017 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet:** [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

**E-mail:** [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,**  
**Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.**  
**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

KAREL - pake, slûchslim, gewykst, beret, altyd yn foar in geintsje.  
70/75 jier.

LENA - beppe, leaf minske, lykwols wat betize, soarget ek foar in soad betizing, sawat like âld as pake.

MARTA - boerinne, skoandochter, deun, sunich, jaloersk, nijs gjirrich, robûst en lomp, enerjyk, âlderwetsk yn de klean, holdoek, âlderwetske ferskining, sawat 50 jier.

PAUL - man fan Marta, boer, ienfâldich, goede man, robûst, korrekt, ek âlderwetsk yn de klean, sawat like âld as Marta.

SYLVIA - dochter fan Paul en Marta, studinte, sympathiek, modern, slim, sawat 25 jier.

THOMAS - de 'stikeme' freon fan Sylvia, sjocht der 'cool' út, oangenaam persoan, slûchslim, sawat 25/30 jier.

BEN - fersekeringsadviseur en ferkeaper fan stofsûgers, ûnskuldig, soms helpleas en ûnhandich, 30 – 50 jier.

HANS - in elegante man út de stêd, fatsoenlike manieren, foarsichtich en ôfhâldend persoan, 40 – 50 jier.

LAURA - syn vrou, praat ABN, arrogant, opsichtich en dominant persoan, 40 – 50 jier.

## **DEKOR:**

It spilet him bûtendoar ôf, foar in grutte buorkerij. Rjochts de buorkerij, mei in doar en in rút. Dêrfoar in tafel, in bank en stuollen, mar wol alles ienfâldich en sober ynrjochte. Hjir wenje Paul en Marta.

Links it lytse part, dêr wenje pake en beppe. It sjocht der gesellich út, mei in doar, in rút en eventueel in ôfdakje. Lytse tafel en stuollen en lytse bank. Blommen en planten.

Op de achtergrûn in houten of stiennen houtskuorre. Links en rjochts dêrfan kinne je nei achteren. Yn de houtskuorre sit in lûk dêr't pake him achter ferstopje kin en ek sa wer foar't ljocht komme. At dat net kin, kin it faaks ek mei in hûnehok, in houtbilt of wetterput oplost wurde.

## EARSTE BEDRIUW

(Paul en Marta sitte by de tafel, op de tafel stean allinne twa kopkes en twa stikjes bôle, pake en beppe sitte oan in moai oansetten tafel)

**MARTA:** Kom op Paul, sis tsjin jim heit dat er noch bêst wat dwaankin. Us heit hat oan syn fiif en santichste ta bealge en is der dea by delfallen. Dat sil him dêr net gebeure.

**PAKE:** Mei sa'n dochter soe 'k ek leaver omfalle ynsteefan troch te leven.

**MARTA:** Paul, hy soe op syn minst wat yn de stâl dwaan kinne, sis dat mar. Mar nee, hy ferdocht syn tiid leaver en fergriemt syn jild oan dat nijerwetske guod! Ik ha 't altyd al sein, hy is leaver op it plak dêr't it wûrk dien is en it iten noch net. (*Paul slipt, striehoed foar 't gesicht en snoarket*)

**PAKE:** Beppe, sis tsjin har dat wy al lang ferhongere wiene at we it fan har ha moasten. Dy is sa deun dat se de molke, dy't de kat stean lit, noch út it bakje slikket.

**BEPPE:** (*knikt mei de holle en breidet*) Ja, ja, ferhongere...

**MARTA:** Paul, wat moat jim heit op syn fiif en santichste noch mei sa'n moderne telefoon, in kompjûter en in hagelnije motor mei sydspan? Dat is jild fergriemen. Hy soe better wat sparje kinne. Allinne deselden dy't sparje hawwe wat om nei te littent. (*se skoddet Paul trochelkoar*) Kom op, sis dat dan!

**PAUL:** (*fearret even op*) Hin, wat? Oh ja, heit, do hast it sels heard wat se sei... (*slipt fierder*)

**PAKE:** Beppe, sis tsjin har dat ik noch leaver alles oan de dierbeskerming neilit as dat sy der mei oan de haal giet.

**BEPPE:** (*knikt de hiele tiid*) Ja, ja, de dierbeskerming...

**MARTA:** Hy is ek noch by steat en doch dat, sa achterbaks is hy wol. Paul, wat moat hy mei in motor mei sydspan? (*se skoddet him wer*) Sis do ek es wat!

**PAUL:** (*fearret even op*) Oh ja, hy hat it doch heard... (*slipt fierder*)

**PAKE:** Beppe, sis dat it har neat oangiet! En sis tsjin har...

**BEPPE:** (*skrikt*) Oh jee... yn fredesnamme...

**PAKE:** (*besoarge*) Lena, wat is der?

**BEPPE:** Oh jee, ik ha in stek falde littent.

**PAKE:** (*ferromme*) Dat is net sa slim wol? Kom skat, ik sil noch in cappuccino foar dy helje. (*ôf mei it kopke*)

**MARTA:** No hellet er wer sa'n cappuccino út dy nijmoadrige kofjesetmasine fan hast tûzen euro, dat is doch werklik net te leauwen! En dan ek noch farsk gebak fan de echte bakker, en dat

midden yn de wike. (*skoddet*) Paul, moat dat beslist? Is in gewoan kop kofje, lykas by ús, net goed genôch? (*se doopt in koarste yn de kofje en yt dy op*)

**PAKE:** (*werom mei it kopke*) Sa! En ik ha ek noch in sûkelaadsje foar dy meinommen.

**PAUL:** (*sjocht mei langstme nei links*) Hmmm, dêr soe ik ek wol...

**MARTA:** (*ûnderbrekt*) Dat soest net!! Of bisto soms krekt sa'n jildfergriemer as jim heit? Fan al dat swiete guod wurdst allinne mar grou. Aansen past dyn troupak net mear. En dat kinst bêst noch es oan ha by in begraffenis of sa. (*se wiist nei pake*) Boppedat is dat swiete guod net goed foar dyn tosken. Aansen bist wit ik hoefolle kwyt oan de toskedokter. Dy syktekostefersekering betellet tsjintwurdich neat mear.

**PAKE:** Mei dat gebit fan har hoecht se net nei de toskedokter, earder nei in poatbekapper. Dy hat gjin hier op de tosken, mar boarstels. (*hy hapt smaaklik in stikje gebak nei binnen, Paul sjocht it him hast út de mûle en slikket him om de lippen, pake smyt him in stikje ta en Paul yt it gau op*)

**BEPPE:** Ja, ja, boarstels...

**MARTA:** Ferfelend wêze, kôgje, slikje, dat docht er it leafst de hiele dei! (*strang*) Paul, wat hasto dêr?

**PAUL:** (*ferstoppet it*) Neat.

**MARTA:** (*pakt it him ôf*) Tink derom hin! Begjinsto no ek al mei dat fergriemen? Dat bewarje wy foar Sylvia, dy komt hjoed thús út Itaalje. (*sacht tsjin Paul*) Soargje datst noch ien te pakken krijst! Dy beide âld strûken kinne wol mei wat minder ta.

**PAUL:** (*pakt de krante en blêdet der wrevelich yn*) Marta, wurdt it net es tiid dat wy sels de krante krije? Altyd dy fan pake en in dei te let!

**MARTA:** Sels in krante? Dêr stiet neat oars yn as dy fan pake! Hy giet alle dagen om fiif oere fan 't bêd sadat er as earste de krante pakke kin. Omdat er 'm ús net gunt!

**PAKE:** Ik betelje der ek foar, skoandochter! Do bist sa deun, datst de letters noch út de krante knippe soest atst der sêd fan wurde koest.

**BEPPE:** Ja, ja, sêd wurde...

**PAUL:** (*lêst*) Harkje! Hjir stiet wat oer in searje ynbraken yn dizze buert! Dy ynbrekkers ha al in pear huzen leechhelle. Marta, net ferjitte om de doarren en de ruten ticht te dwaan at wy op it lân binne.

**PAKE:** Meitsje dy net drok! Der is gjin better hiemhûn as dy frou fan dy!

**MARTA:** By ús is neat te heljen. Dy ynbrekkers kinne better by harren sjen. Wat moat hy mei in motor en in nijerwetske telefoon?

**PAUL:** Begjinst no wer? It is doch syn jild?

**MARTA:** Syn jild? Oare minsken op syn leeftiid sparje, sadat de erfgenamten wat te ferdiele ha. Mar hy jout alles út, allinnich mar om ús dwers te sitten! In motor en in telefoan, wat moat hy dêr no mei?

**PAKE:** De dyk út at ik dy sêd bin! En dy telefoan is om mei normale minsken te praten! En dat sil ik no dwaan! (*toetst wat op de mobyl en giet ôf*)

**MARTA:** Wat in fergriemerij. Do bellest heech út es at der ien jierdei is, of mei de kryst, mar net gewoan midden yn 't jier en midden yn de wike! (*se giet fuort en nimt noch in stik gebak mei*) Dy binne doch net goed foar dy beppe. (*tsjin Paul*) Dat kofjedrinken hat no lang genôch duorre, kom op, net it lân, de biten wachtsje.

**BEPPE:** Ja, ja, de biten...

**PAUL:** (*gappet*) Kalm oan! We sitte noch gjin tsien minuten.

**MARTA:** At it oan dy en dy luie heit fan dy lei, hiene we no de biten noch siedzje moatten. Sjit op! Beppe, do bliuwst hjir sitten en do beweechst dy net! Breidzje mar lekker fierder. (*Paul en Marta ôf*)

**BEPPE:** Ja, ja, breidzje...

**PAKE:** (*op, mei de mobyl*) Is dat deune mûnster einlings fuort?

**BEPPE:** Wa?

**PAKE:** Dy moaie skoandochter fan ús, wa oars?

**BEPPE:** Ha wy in skoandochter?

**PAKE:** Lena! Marta, de vrou fan Paul. Hoe is 't mooglik dat er sa'n vrou tsjin 't liif rint. Lena, do bist hjoed wer bysûnder ferjitlik.

**BEPPE:** Oh Marta. Hiene se wer rûzje? Ha ik neat fan murken.

**PAKE:** Mei dy vrou hast alle oeren fan de dei rûzje.

**BEPPE:** Ja, ja, rûzje... (*se hâldt de sok omheech dy't se breidet*)

**PAKE:** Wat moat dat foarstelle? Dy sok is fierste lang!

**BEPPE:** Sok? Och heden! Ik tocht, kom, ik breidzje in sjaal! It is ommers hast winter. Och heden, dy âld kop...

**PAKE:** (*skoddet de holle*) It is midssimmer! (*nimt har yn de earmen*) Witst wat, breidzje gewoan fierder. Dy sokken fan dy dat binne de waarmsten dy't der binne. En op de motor kin ik wol lange sokken brûke, dan bliuwe de fuotten lekker waarm.

**BEPPE:** Wa hat hjir in motor?

**PAKE:** Lena, ik ha ommers in motor. Dat ha ik al hûndert kear sein.

**BEPPE:** Ik wit fan neat. (*se wiist nei de mobyl*) En wat is dat?

**PAKE:** In mobyltsje! Dat ha ik ek al hûndert kear sein. Sjoch es, ús beppesizzer sit yn Itaalje en sy en har freon ha ús samar in e-mail stjoerd.

**BEPPE:** Soa, soa, dus dy freon hjit Emiel?

**PAKE:** Nee Lena, net Emiel! Se ha in e-mail stjoerd mei in foto dêrt sy en dy freon op stean, út Itaalje. En dat sit allegear yn dit lytse kastke! (*wiist op de mobyl*)

**BEPPE:** Dus dy Emiel past yn dat kastke? Ja, ja, dy Italjanen binne faak net sa grut.

**PAKE:** Nee, nee, nee! Se rint dêr staazje. Dat ha ik ek al hûndert kear sein. Yn Itaalje.

**BEPPE:** Dus doch in Italjaan.

**PAKE:** Och, lit mar sitte. Witst wat Lena! Wy gean nije wike, at we fyftich jier trouw binne, in wike der op út. Mei de motor nei Itaalje.

**BEPPE:** Fyftich jier trouw? Wa?

**PAKE:** Och Lena! Do en...

**BEPPE:** (*ferbjustere*) Do? Mei wa?

**PAKE:** Mei dy! Mei wa oars? Wy fiere hast ús fyftichste troudei!

**BEPPE:** Wat? Wy tegearre? Nee doch! Dat soe betsjutte dat we al fyftich jier trouw binne.

**PAKE:** Dat binne we ek! Fyftich jier trouw, do en ik!

**BEPPE:** (*ûnleauwich*) Wy tegearre? Tsjonge. At dat wier is dan is it hast ús fyftichste troudei.

**PAKE:** Ja, ja, dat is ek sa! (*mei klam*) Fyftichste troudei! Fyftich jier trouw! Wy tegearre!

**BEPPE:** Do hoechst net alles tsien kear te sizzen, ik ha dy wol heard hear.

**PAKE:** Moai. En dêrom gean wy tegearre op de motor mei fakânsje. Nei it plakje dêrt we fyftich jier lyn op houliksreis west ha.

**BEPPE:** Mei fakânsje? Wy tegearre? Wêrom?

**PAKE:** (*fertwivele*) Omdat we fyftich jier... Och, lit ek mar, we hawwe it der net mear oer. Belangryk is allinne dat ik noch likefolle fan dy hâld as doe. Ek al wurdst hieltyd ferjitliker.

**BEPPE:** Ik ferjitlik? Do wurdst ferjitlik. Oars soest wol witte dat wy hast fyftich jier trouw binne! Hjir, lûk es oan, fynst de sjaal moai? (*lûden yn it hûs*)

**PAKE:** Stil es even, Lena! Hearst dat? Dy beide soene doch nei 't lân?

**BEPPE:** Ja, ja, de biten...

**PAKE:** Biten? Oooh...? (*laket*) Dy sille doch net op Ijochtskyndei... Soe der noch leafdefjoer? Dat is neat foar Marta, en it is noch lang gjin kryst, ha, ha. Ik sil foar de wissichheid mar even sjen. (*ôf*)

**BEPPE:** (*de mobyl giet*) Och heden, wat is der mei dat ding oan de hân? Dat is grif dy Emiel. (*slacht mei de hân op de mobyl*) Do bliuwst dêrtst bist, Karel hat no gjin tiid! (*de mobyl is stil*) Dy Italjanen ferstean blykber wol Frysk. (*breidet*)

**BEN:** (*op, mei in aktetas en in koffer*) Goemiddei mefrou. Is Snijders senior ek thús? Ik moat wat mei him beprate.

**BEPPE:** Wa binne jo? Net dy Emiel út Itaalje wol? Dat kin sa hurd hast net!

**BEN:** (*bûcht*) Van Groten, Ben van Groten is de namme.

**BEPPE:** (*laket*) Ben van Groten, wat skattich. Mar dat is net Italjaansk wol?

**BEN:** Nee, dat kloppet. Ik bin fan Van Groten fersekeringen. ‘Een verzekering van van Groten (*tsjin de seal*) helpt u in no time naar de kloten. (*tsjin beppe*) Kan u niet begroten’, ha, ha, ha. Wy binne al jierren suksesfol op it gebiet fan fersekeringen. (*lit har in boekje sjen*) Hjir stiet alles yn. Dit boekje, ‘de valkuil van het bedrog’, stean wy sùnt jierren op it earste plak fan alle fersekeringen dy’t testen binne. Sjoch dit ûnôfhinklike blêd mar es even yn.

**BEPPE:** Soa, soa, jo ferkeapje dus kranten. Wy hawwe de krante al.

**BEN:** Nee, nee, mefrou. Ik ferkeapje fersekeringen! ‘Skiede, ûngelokken, begraffenissen, wy fersekerje alles, behalve der erven. ‘Want ligt u eenmaal onder de zoden, dan komen de erven met hun noden’. Ha, ha, ha, tinke jo wier dat jo goed genôch fersekere binne mefrou? In fatale fout! Lêze jo mar es wat der yn it boekje stiet oer foldwaande dekking.

**BEPPE:** Binne dat Fryske of Italjaanske kranten dy’t jo ferkeapje?

**BEN:** (*laket ûnecht*) Ha, ha, ha, gjin kranten! Fersekeringen! En dat stiet allegear yn dit boekje. Ik soe it graach oer jo fersekeringen ha wolle oant de baas thûskomt.

**BEPPE:** Ja, ja, jo meie wol tsjin my prate. At ik tagelyk breidzje kin, fyn ik it goed. Mar wol yn it Frysk graach, want Italjaansk ferstean ik net. Hoe is ‘t mei ‘t waar yn Itaalje trouwens? (*lûd fan in motor dy’t fuortriidt*)

**BEN:** Grif geweldich, mefrou. Mar ik soe it no graach oer ús oanbieding ha wolle. Sa ha wy it: ‘Rondom – Zorgeloos - pakket’ foar klanten op leeftiid. Dêr sit fan alles yn fan de ekstra fersekering foar de soarch- oant de begraffenisfersekering. Ik soe jo in jubileumoanbod dwaan kinne. Sjoch mar even yn it boekje.

**BEPPE:** Oh sa, dat is ynteressant. Wat kostet dat no, sa’n krante?

**BEN:** (*ergere*) Ik ferkeapje gjin kranten, mar (*mei klam*) fersekeringen!

**BEPPE:** Ja, ja. Hoelang ferkeapje jo al kranten?

**BEN:** (*sjocht de oare kant even út*) Ik tink dat wy mei it tema fersekeringen wol wachtsje kinne oant de hear Snijders der is. Tsja, mefroutsje, sa giet it by my faak. ‘Vader regelt de papieren, moeder laat de stofdoek zwieren’. En dêrom ha ik ek wat foar jo. Want neist

fersekeringen ferkeapje ik ek stofsûgers. (*hy hellet ien út de koffer*) ‘Want als het om schoonmaken gaat, raakt men met vrouwen eerder aan de praat’. En dan binne de besites net hielendal foar neat.

**BEPPE:** Soa, soa, foar neat. Dus dy krante is fergees? Dan wol ik ‘m wol.

**BEN:** Ik bin ek fertsjintwurdiger fan de ‘Zuigomaat’ en ik ha hjoed in hiel bysûndere aanbieding: de ‘Zuigomaat 3000’. ‘Al is uw woning nog zo goor, de Zuigomaat die gaat ervoor. Stof en vuil en viezigheid, met de Zuigomaat verleden tijd’. Ha, ha, sa simpel is ‘t. En dat allegear foar de sensasjonele priis fan njoggen en tweintich hûndert en njoggen en njoggentich euro. At jo kontant betelje krije jo trije prosint koarting. En omdat jo it binne doch ik der fiif stofsûgersekken by.

**BEPPE:** By de krante?

**BEN:** Nee! Neat gjin krante, mar fersekeringen. Fersekeringen en stofsûgers mefrou. Begripe jo it no?

**BEPPE:** Oooh fersekeringen.

**BEN:** (*docht de stekker yn it stopkontakt, lit de stofsûger sjen, dûnset der wat mei yn it rûn*) ‘Is moeder soms een keertje ziek, dan zuigt hij net zo energiek’. Ha, ha, ha. Ha ik jo oertsjûge mefroutsje?

**BEPPE:** Oh, no ha ik it troch. Jo fersekerje stofsûgers.

**BEN:** Nee, nee en nochris nee! Ik sûgje fersekeringen op.... eh... ik keapje fersekeringen en stofsûgers op.... eh... ik ferkeapje se fansels. Jo bringe my hielendal yn de war mefrou.

**BEPPE:** Jo meie myn stofsûger wol keapje, dy docht it net mear sjoch. Ik helje ‘m wol even. Stek de earmen even nei foaren en hâld de wol beet, mar net yn de tiis bringe hear. (*se wuollet de wol om syn hanner*) Witte jo, ik breidzje dizze sjaal foar pake. (*se giet yn ‘e hûs*)

**BEN:** (*mei de wol om de earmen*) Dy âld frou is wol wat traach fan begryp, mar ik tink dat ik hjoed noch wol in goede deal slute kin. (*yn de fierte is in sirene te hearren*) Hee, wat soe dêr aan de hân wêze?

**BEPPE:** (*komt mei de stofsûger nei bûten, in flesse en in glês*) Wa binne jo ek al wer en wat ferkeapje jo?

**BEN:** Ben van Groten. Stofsûgers en fersekeringen! Foar de safolste kear!

**BEPPE:** Och ja, no wit ik it wer. Dit is de stofsûger en hjir is wat drinken. (*se skinkt yn*) En jo breidzje ek, of ferkeapje jo allinne de wol?

**BEN:** Tanke, dat is aardich fan jo. (*drinkt wat omslachtich, hy hat de wol noch om de earmen*) Dat is dus jo stofsûger. (*hy undersiket de stofsûger, it snoer komt yn de tiis mei de wol*) Dat is hopeleas.

**BEPPE:** Ja, ja, en hy súcht ek net mear.

**BEN:** (*optimistysk*) Ik ha híj in moaie oanbieding foar jo...

**BEPPE:** In fersekering foar de stofsûger? (*se skinkt noch wat drinken yn*)

**BEN:** Nee, nee, nee! In nije stofsûger en at jo dat wolle ek noch in fersekering. Sjogge jo mar es... (*hy pakt in folder út de tas en rekket noch mear yn de tiis*)

**BEPPE:** En in krante?

**BEN:** (*bytsje lilk*) Ik ferkeapje gjin kranten!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en  
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**